

**Frysk**  
Jierferslach 2021  
Jiergong 25  
Tema: Tiid

# Tomke

**ferslach**  
*verslag* **2021**



**Tomke.nl**



# Ynhâldsopjefte

<b>1. It Tomke-project</b> .....	<b>3</b>
Finansiering .....	3
<b>2. Ferslach fan it jier 2021</b> .....	<b>5</b>
Aktiviteitenoersjoch Tomke 25 jier .....	4
Ynformaasjeoarsjenning en materialen foar professionals .....	5
Materialen foar pjutten en opfierders .....	5
Fierder (net Tomke 25 jier) .....	5
<b>3. Tomke Finansjeel ferslach 2021</b> .....	<b>8</b>
<b>Taheakke 1: Leden fan de Tomke-wurkgroep</b> .....	<b>9</b>
<b>Taheakke 2: Partisipearjende organisaasjes</b> .....	<b>10</b>

## 1. It Tomke-projekt

Tomke spilet de haadrol yn ferskate Fryske ferhaaltsjes, ferskes en oare produkten en aktiviteiten. Dêryn belibbet hy tegearre mei syn hûntsje Romke, Kornelia de Kangeroe en syn buorfamke Yana Yu in hiel skala oan aventoeren dy tichteby de belibbingswrâld fan pjutten stean. De produkten en aktiviteiten om Tomke hinne hawwe as doel te soargen foar in rike, meartalige omjouwing om sa de taalûntwikkeling en de lêswille by bern te stimulearjen. Troch pjutten yn kontakt te bringen mei Frysktalich (lês)materiaal, en troch âlders en professionals te ynformearjen oer de mearwearde fan meartaligens, besiket it projekt dit doel te berikken. De aktiviteiten fan it Tomke-projekt wurde betocht en útfierd troch de Tomke-wurkgroep, in gearwurking fan in tal Fryske organisaasjes: Fers (út namme fan de Fryske biblioteken), Afûk, Cedin, Omrop Fryslân en SFBO (kennissintrum meartaligens jonge bern).

### *Finansiering*

Yn 2021 krige it Tomke-projekt subysdzje fan de provinsje Fryslân en hast alle gemeenten yn Fryslân, te witten:

- Achtkarspelen
- Dantumadiel
- De Fryske Marren
- It Hearrenfean
- Ljouwert
- Noardeast-Fryslân
- Opsterlân
- Súdwest-Fryslân
- Smellingerlân
- Tytsjerksteradiel
- Waadhoeke

By de oanfragen foar subysdzje by gemeenten is de hichte fan it oanfrege bedrach basearre op it tal ynwenners fan de oanbelangjende gemeente. Boppedat waard ek troch de Afûk, Fers en Omrop Fryslân in finansjele bydrage levere. Yn haadstik 3 fine jo it finansjele ferslach en de ferantwurding oer 2021. Yn it ramt fan it jubileumjier hat de provinsje in ekstra subysdzje beskiber stelt foar ekstra aktiviteiten.

It Tomke-projekt is ûnderdiel fan it Taalplan Frysk.



## 2. Ferslach fan it jier 2021

### Aktiviteitenoersjoch Tomke 25 jier

#### Tomke-toer troch Fryslân

Yn juny en septimber reizge Tomke troch de provinsje mei ferskate teäter-, dûns- en sjongfoarstellingen. Pjutteplakken, bernsintra, biblioteken en oare plakken of eveneminten koene Tomke útnûgje. Tomke-skriuwster Riemkje Pitstra spile de foarstelling 'Noch ien nachtsje sliepe', Tomke-tekener Luuk Klazenga koe delkomme mei in spesjaal Tomke-draaioargel, Willy van Assen fan Danswil hie in dûnsfoarstelling 'Dûnsje mei Tomke', Hinke Schwering naam yn har foarstelling 'Boartsje mei boek&muzyk' de bern mei op in muzikale reis troch in Tomke-ferhaal. En Janneke Brakels spile in foarstelling 'Tiid foar in muzikaal feestje' en skreau dêrfoar in spesjaal feestferske, dat yn juny en septimber ek op oare mominten en plakken te hearren en te sjen wie. Yn totaal binne der 67 foarstellingen spile op pjutte-opfanglokaaksjes, bernsintra, biblioteken en op it jubileumfeest fan Tomke op 18 septimber.

#### Tomke-feest

Op 18 septimber wie Tomke syn jierdeifeest op it hiem fan Paviljoen MeM yn Bûtenpost. Op trije mominten op de dei kaam in groep Tomke-fans it feestje mei Tomke meifieren. Sy koene genietsje fan de foarstellingen, spultsjes dwaan, cakejes fersiere en frij boartsje yn en om Tomke's hûs. Jûns wie der in besletten jubileumfeest foar alle (âld) Tomke-meiwurkers en -relaasjes. Yn totaal hat Tomke oerdeis besite hân fan sa'n 250 minsken (pjutten en begelieders, ferdield oer trije shifts), en jûns wiene der sa'n 65 minsken oanwêzich om stil te stean by 25 jier Tomke.

#### Fryske Foarlêswike

It Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse organisearre yn 2021 wer de Fryske Foarlêswike. Fan 27 septimber o/m 1 oktober waard op 401 pjutte-opfanglokaasjes en berneideiferbliuwen foarlêzen oan sa'n 12.500 pjutten. De bern krigen nei it foarlêzen it nije Tomke-temaboekje mei nei hûs: 'Tiid foar Tomke!'. Fanwege it Tomke-jubileum siet der in ekstra kadootsje by it boekje: in edukatyf Tomke-spultsje oer de tiden fan it jier. It boekje ferskynde ek yn it Biltsk en Stellingwerfsk en waard printe yn in oplage fan 28.630 stiks (27.030 yn it Frysk, 1.000 yn it Stellingwerfsk en 600 yn it Biltsk). De boekjes waarden ek útdield op de konsultaasjeburo's, by gastâlden, biblioteken en op oare lokaasjes en eveneminten.

#### Tomke yn de biblioteken

Tomke hie yn 2021 in prominint plak yn de biblioteken. Fan 20 jannewaris o/m 30 jannewaris 2021 wiene de 'Nationale Voorleesdagen' en ferskynde it Tomke-útdielboekje 'Tomke wol net op bêd' yn in oplage fan 4.500 stiks. Riemkje Pitstra skreau it ferhaaltsje, dat nei de Nationale Voorleesdagen útdield waard yn de biblioteken. Yn 33 biblioteken stie in 1 meter grutte Tomke-display en hong in Tomke-plafondhinger boppe de hoeke mei (Fryske) berneboeken. Fan juny 2021 ôf waarden boekjes útdield oer 25 jier Tomke mei in kleurplaat, 'weetjes' oer Tomke, in ferhaaltsje en spultsjes. Sa wie Tomke en it oare Fryske lêsmateriaal foar bern yn 2021 ekstra sichtber en waard it projekt en de doelen dêrfan ûnder de oandacht brocht.

#### Tomke op 'e telefyzje

Yn juny 2021 ferskynden 18 nije aventoeren fan Tomke op telefyzje. Ek wiene de alderearste tekene Tomke-útstjoeringen op telefyzje te besjen. Dêrneist makke Omrop Fryslân 5 spesjale jubileumôfleveringen oer 25 jier Tomke 'Hoe hat it libben harren kleure'. Yn dizze mini-dokumentaires socht programmamakker fan it earste oere Feije van der Meer bern op dy't 25 jier lyn foarlêzen waarden yn ien fan de earste Tomke-ôfleveringen. Hoe sjogge sy werom op Tomke en wat hawwe sy no noch mei it Frysk?



## *Ynformaasjeoarsjenning en materialen foar professionals*

### **Feestkofferke**

Alle pjutteplakken, bernsintra en gastâlden krigen in spesjaal temakofferke (oplage: 550 stiks), dêr't materiaal yn siet om it feestje mei Tomke mei fiere te kinnen: in lesbrief oer it tema feest, it Tomke-feestboekje, in Tomke-dobbelspultsje, feestflachjes en fingerpopkes. It materiaal passe by it tema tiid en is nei it jubileumjier ek noch te brûken om mei de bern in feestje te fieren en mei it Frysk oan 'e slach te wêzen.

## *Materialen foar pjutten en opfieders*

### **Tomke-feestboekje**

Riemkje Pitstra skreau in ferhaal op rym foar it spesjale Tomke-jubileumboekje 'Tomke syn jierdei'. It ferhaal giet oer Tomke dy't net wachtsje kin oant er syn jierdei hat. It ôftelboekje, dat yn in bysûndere foarm printe is, kaam út yn in oplage fan 1.000 stiks.

### **Tomke-temaboekje mei spultsje**

By it Tomke-temaboekje siet in ekstra kadootsje: in edukatyf Tomke-spultsje oer de tiden fan it jier. It spultsje foar âlden, pakes en beppes en pedagogysk meiwurkers is in moaie aktiviteit om mei de pjutten de Fryske taal op in oare wize te brûken en sa de taalûntwikkeling te stimulearjen. It spultsje ferskynde yn in oplage fan 27.030 stiks en waard ek oersetten yn it Biltsk yn in oplage fan 600 stiks.

### **Oar ynformaasje- en promoasjemateriaal**

- Foar de promoasje fan Tomke 25 jier waard in ynformaasjeboekje 'Feest foar Tomke' printe (oplage: 3.500 stiks) en útdield yn de Tomke-feestkofferkes, yn de biblioteken en op oare lokaasjes en eveneminten. Yn it boekje stie ynformaasje oer Tomke en it jubileum en in siet in kleurplaat, 'weetjes' oer Tomke, in ferhaaltsje en spultsjes.
- Tomke-ôftelkalinder (oplage 200 stiks), feestthuodsje (120 stiks), kleurplaat (2.000 stiks) en bedankkaartsjes (90 stiks)
- Útnûging Tomke-jûnsfeestje (oplage 200 stiks)
- Programma en plattegrûn Tomke-jierdeifeestje (oplage 150 stiks)

## *Fierder (net Tomke 25 jier)*

### **Doch mear mei Tomke**

De aktiviteitemap 'Doch mear mei Tomke' jout suggestjes foar aktiviteiten oan professionals, sadat sy op in ienfâldige wize mei de bern mei it Frysk oan 'e slach kinne. Al pratend, lêzend, sjongend, dûnsjend, boartsjend en nifeljend wurdt oan 'e hân fan tolve tema's de taalûntwikkeling fan bern stimulearre. Mar likegoed ek de emosjonele, sosjale en motoaryske ûntwikkeling. Handich dêrby is dat de tema's en aktiviteiten oanslute by de Nederlânske metoaden 'Uk en Puk' en 'Piramide'. Yn 2021 is de tredde printinge fan de 'Doch mear mei Tomke' map ûntwikkele yn in oplage fan 200 stiks.

### **Tomke-knibbelboek**

Yn 2021 ferskynde it 'Tomke-knibbelboek' mei 14 'praatsjemakkers' yn in oplage fan 300 stiks. 'Praatsjemakkers' binne ferhaaltsjes dy't pedagogysk meiwurkers spylje kinne mei hânpoppen. Yn de ferhaaltsjes, dy't oanslute by de tema's fan 'Doch mear mei Tomke' en Nederlânske VVE-programma's, belibbet Tomke wer fan alles mei syn freontsjes. Sa'n freontsje kin de Frysktalige Romke of Yana Yu wêze, mar it soe ek in Nederlânsktalich freontsje wêze kinne, lykas bygelyks Puk. It knibbelboek wurdt op 'e skoat of op 'e tafel setten, sadat de bern de yllustraasje by it ferhaal sjen kinne en de ferteller de hannen frij hat foar hânpoppen.



### **Tomketeek**

De 'Tomketeek' is in digitale biblioteek foar pedagogysk meiwurkers en gastâlden. Foar alle tema's fan de 'Doch mear mei Tomke' map (en mear) is in grut ferskaat oan Fryske materialen te finen om te brûken yn de pjutte-opfang, lykas bygelyks ferhaaltsjes, ferskes, nifelwurkjes, filmkes, praatplaten, opsiferskes en boeketips. Yn 2021 binne der 26 ynlochkoades opfrege.

### **Tomke-webside**

Op de webside fan Tomke is alle ynformaasje oer it Tomke-projekt te finen, sawol foar professionals as foar âlden en oare ynteressearren. Bern kinne op [www.tomke.frl](http://www.tomke.frl) boekjes lêze, ferskes lusterje, spultsjes dwaan, filmkes sjen en printmateriaal fine. Yn 2021 hie de webside 10.854 brûkers.

### **Tomke-app**

Fia de Tomke-app kinne bern fan 2 o/m 6 jier sels boekjes lêze, ferskes lusterje, spultsjes dwaan en filmkes sjen. De Tomke-app is yn 2021 yn totaal 2.386 delhelle (optelling Apple & Android).

### **Tomke-nijsbrief**

De Tomke-nijsbrief ferskynde yn 2021 wer trije kear, hieltyd yn in oplage fan 550 stiks. Yn de nijsbrief stiet ynformaasje oer Tomke en aktualiteiten om it Frysk Foarlêzen oan pjutten en wurdt ferstjoerd nei de pjutte-opfanglokaasjes en bernedeiferbliuwen. De digitale Tomke-nijsbrief is foar âlden, professionals en oare ynteressearren dy't harren ynskreaun hawwe (613 e-mailadressen). Yn 2021 krigen sy 9 kear in nijsbrief tastjoerd mei Fryske (Tomke-)tips en ynformaasje oer aktuele tema's.

### **Social Media**

- Fia de Tomke-Facebookside krigen 2.900 folgers yn 2021 geregeld nije berjochten fan Tomke.
- Tomke hat sûnt 2021 ek in Instagram-side mei 143 folgers.
- De Pinterest-site fan Tomke hat 365 folgers.
- De ôfspyllist 'Fryske Berneferskes' op Spotify, mei û.o. alle cd's fan Tomke dêryn hat 300 folgers.

### **Fryske Ferkearskiste**

Yn 2021 binne de ferkearskisten fan 'Veilig Verkeer Nederland' twatalich makke. Der binne tsien twatalige ferkearskisten fan Joep & Tomke yn de omloop, dy't troch pjutte-opfanglokaasjes oanfrege wurde kinne om oan it tema ferkear te wurkjen. Yn de kiste sitte boekjes, fertelplaten, ferklaiersklean en spultsjes oer ferkear. Ek kinne pjutte-opfanglokaasjes in twatalige âlderbrief en ferkearssykplaat oan de âlders meijaan. Yn totaal wie it berik 1.600 âlden en 800 bern dy't mei de Fryktalige materialen wurke hawwe.

### **Nije skriuwer Tomke**

Om de Tomke-skriuwersgroep oan te foljen is Tomke yn 2021 op syk gien nei ien of mear nije skriuwers. Nei in oprop wiene der mear as 50 dielnimmers dy't mei-inoar mear as 60 ferhaaltsjes ynstjoerden. Ut alle ferhaaltsjes binne twa nije Tomke-skriuwers keazen: Reina Smeink Kroodsma en Berber Spliethoff.

### **Heit & Mem**

De Heit & Mem ferskynde yn 2021 twa kear yn in oplage fan 37.000 stiks en 38.500 stiks en waard útdield op sa'n 500 plakken yn Fryslân. De Pake & Beppe wie in ienmalige útjefte fan heit&mem en ferskynde in oplage fan 10.000 stiks. [www.heitemem.nl](http://www.heitemem.nl) hie yn 2021 86.580 brûkers.



### **Tomke-deskundigensbefoarding**

Yn 2021 is troch û.o. de organisaasjes fan de Tomke-wurkgroep twa kear in training 'Meartaligens' fersoarge by it Friesland College yn Ljouwert en it Hearrenfean. Yn maaie 2021 binne der 5 lessen yn it Hearrenfean organisearre foar in groep twaddejers studinten dy't oplaot wurde ta pedagogysk meiwurker of ûnderwiisassistent. De lessen hiene de folgjende spearpunten:

- Cedin oer de algemiene taalûntwikkeling en meartaligens
- Lida Dykstra as berneboekeambassadeur oer (foar)lêzen en skriuwen mei bern yn de groep
- De Fryske Akademy oer de Fryske taalsitewaasje
- SFBO oer belied en wurkwize op pjutte-opfang, berne-opfang en ûnderbou basisskoalle
- Afûk oer Frysk materiaal foar pjutte-opfang, berne-opfang en ûnderbou basisskoalle
- Fers/biblioteken: omtinken foar BoekStart (NL- en FRL-talich), de lêskonsulinten (foarskoalsk en basisûnderwiis) en dBos (De Bibliotheek op school) en meartalige boeken

Yn de winter fan 2021/2022 hat in twadde training plakfûn, dizze kear foar in groep pedagogysk meiwurkers yn oplieding (3e jiers en BBL) yn Ljouwert en in groep spesjalisearre pedagogysk meiwurkers yn oplieding (2e jiers) yn it Hearrenfean.

It programma waard fersoarge troch deselde organisaasjes en mei deselde spearpunten, mei in oanfolging fan Tryater. Yn dy les ferkenden de studinten op in kreative wize it begryp 'taal'.

De dosinten fan it Friesland College hawwe om de training in Module Meartaligens ûntwikkele. De studinten wurken yn 10 wiken tiid oan in ûndersyksfraach, folgen de gastlessen en makken oan it ein in produkt/presintaasje om harren ûndersyk oan de praktyk te keppeljen. Mei dizze module hat it tema meartaligens in fêst plak krigen yn it programma fan de oplieding pedagogysk wurk.



### 3. Finansjeel ferslach 2021

jierrek. 2020	begrutting 2020	jierrek. 2019
---------------	-----------------	---------------

#### LASTEN

<b>Materiaal</b>			
Tomke-boekjes, Frysk, Bildts en Stellingwerfs e.a.	16.854	16.000	17.720
Oare Tomke-materialen	2.574	3.200	2.644
Bibliotheekprogramma Tomke-útdielboekjes		1.500	
<b>Omrop Fryslan</b>			
Telefyzje-útstjoerings	35.992	40.000	36.287
<b>Deskundigensbefoarding</b>			
Underwiis/wurkwinkel	0	5.000	0
<b>Kommunikaasje</b>			
Kosten fan fersprieding	217	1.000	69
Printkosten Jierferslach	200	2.800	424
<b>Organisaasje</b>			
Burokosten / projektkoördinaasje Afûk	9.315	17.250	6.805
Burokosten / projektkoördinaasje	9.483	15.250	6.538
Overhead Omrop Fryslân		5.000	
Finansjele begelieding	1.500	1.500	1.500
Unfersjoen	0		0
<b>TOTAAL LASTEN</b>	<b>76.135</b>	<b>108.500</b>	<b>71.986</b>

#### BATEN

<b>Subsydzjes</b>			
Subsydzje Provinsje Fryslân	29.800	28.500	28.500
Subsydzje Gemeenten	34.371	35.474	32.723
	64.171	63.974	61.223
<b>Materiaal</b>			
Ferkeap Tomke-materialen	1.816	3.000	1.584
<b>Deskundigensbefoarding</b>			
Foarljochtingsgearkomsten bernesintra	0	0	0
<b>Organisaasje</b>			
Eigen bydrage dielnimmers	10.148	41.526	8.724
<b>TOTAAL BATEN</b>	<b>76.135</b>	<b>108.500</b>	<b>71.986</b>



# Taheakke 1: Leden fan de Tomke-wurkgroep

Yn 2021 bestie de wurkgroep út de folgjende leden:

- Gertrud Palstra /Fers, koördinaasje
- Janneke Straatsma / Fers
- Hieke Rienstra / Afûk, koördinaasje
- Tjitske van Dijk / Afûk (1e healjier)
- Wytske Bouwma / Afûk (2e healjier)
- Mirjam van der Hoek / SFBO
- Dorien Hamstra / Cedin

## Taheakke 2: Partisipearjende organisaasjes

### *Platfoarm Lêsbefoarding Fryslân (PLF)*

It PLF is in oerkoepeljend orgaan yn de provinsje Fryslân, mei as doelstelling it stimulearjen fan ûnderlinge gearwurking. De kearntaak fan it PLF is it koördinearjen fan projekten foar taal- en lêsbefoarding.

It PLF wol him ynsette foar in meartalich lêsklimaat yn de hiele provinsje en fungearret dêrby as oansprekpunt foar subsydzjeferlieners, polityk en beliedsmakkers. De lanlike Stichting Lezen – in wichtich pleitbesoarger foar de twadde rykstaal – sit ek yn dit oerlisorgaan. Troch it PLF wurde subsydzje-oanfragen yntsjinne en wurdt de fuortgong fan it Tomke-projekt yn 'e gaten holden. Fers fersoarget it sekretariaat fan it PLF.

### *Afûk - [www.afuk.nl](http://www.afuk.nl)*

De Afûk wol de Fryske taal en kultuer ticht by de minsken bringe. Dêr set de Afûk ferskillende middels foar yn, sa as: it oanbieden fan kursussen Frysk, it ûntwikkeljen en beskikber stellen fan Frysktalich materiaal en it (meiwurkjen oan it) organisearjen fan aktiviteiten wêrby't de doardielen fan meartaligens yn it algemien en de kulturele wearde fan de Fryske taal yn it bysûnder ûnder de oandacht brocht wurde.

Binnen it Tomke-projekt soarget de Afûk benammen foar it ûntwikkeljen en produsearjen fan materialen en it ûnderhâlden fan kontakten mei de doelgroepen en organisaasjes. Dy wurkwize soarget foar effisjinsje en befoarderet de gearhing mei oare programma's.

### *Fers - [www.fers.nl](http://www.fers.nl)*

Fers stipet as provinsjale service-organisaasje de Fryske biblioteken by it útfieren fan harren wurk troch it oanbieden fan fasiliteere tsjinsten, it ûntwikkeljen en oanbieden fan nije produkten en tsjinsten en troch lanlike projekten op provinsjale en lokale skaal oer te setten. Fers fiert in aktyf belied om it lêzen yn it Frysk te befoarderjen.

Binnen it Tomke-projekt hat Fers benammen in koördinearjende rol. It finansjele part fan it Tomke-projekt (jierferslaggen fersoargje, subsydzje-oanfragen) is by Fers ûnderbrocht. De Tomke-aktiviteiten foar de biblioteken wurde troch Fers opset en koördinearre. It ferfier fan de Tomke-boekjes nei de biblioteken wurdt ek troch Fers regele.

### *De gearwurkjende biblioteken yn Fryslân; FBN*

De provinsje telde yn 2021 fiif biblioteekklusters:

1. Noard Fryslân
2. Mar en Fean
3. Midden-Fryslân
4. Súdeast Fryslân
5. Smellingerlân

Ut dy klusters wei wurde de biblioteken (filialen) en de 'de Bibliotheek op school' skoallen oanstjoerd. Binnen it Tomke-projekt spilet it netwurk fan biblioteken in rol by de distribúsje fan de Tomke-materialen, aksjes om Tomke hinne, it jaan fan ynformaasje oer meartalich opfieden oan âlden en fansels it beskikber stellen fan (foar)lêsmateriaal.

### *Cedin Taalsintrum Frysk – [www.cedin.nl](http://www.cedin.nl)*

Taalsintrum Frysk is in ûnderdiel fan it Centrum voor Educatieve Diensten Cedin. It hâldt him benammen dwaande mei meartalich taalbelied en stribbet dêrby nei in lykwaardige posysje fan de Fryske taal. Binnen it Tomke-projekt tinkt Cedin ûnder oare mei oer de edukative aspekten fan it Tomke-projekt en wienen hja einferantwurdlik foar it oanbod op it mêd fan deskundigensbefoarding.

### *Sintrum Frysktalige Berne-Opfang (SFBO)*

It SFBO is it ynformaasje-, kennis- en stipepunt op it mêd fan meartaligens en taalstimulearring yn de foarskoalske perioade. De provinsje Fryslân stelt de SFBO yn de gelegenheid om pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen te stypjen by it ûntwikkeljen fan in Frysk of twatalich taalbelied.

It SFBO hat in permaninte fertsjintwurdiger yn de Tomke-wurkgroep. Harren ynbring soarget der mei foar dat de ûntwikkele materialen goed oanslute by it ferlet fan de pedagogyske meiwurkers.

### ***Omrop Fryslân – [www.omropfryslan.nl](http://www.omropfryslan.nl)***

De regionale telefyzje fersoarget nijs en ynformaasje út en oer Fryslân, makket eftergrûnprogramma's, soarget foar ûntspanning en muzyk. Foar bern is der alle jûnen in spesjaal programma. Yn gearwurking mei Cedin fersoarget Omrop Fryslân skoalleútstjoerings foar radio en telefyzje. Binnen it Tomke-projekt fersoarget de Omrop it ûntwikkeljen en útstjoeren fan de Tomke-ôfleveringen op telefyzje. Sûnt 18 oktober 2015 fersoarget de Omrop Tomke-radio.

### ***Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse***

It Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse stipet de Fryske taal en kultuer. Yn gearwurking mei de Tomke-wurkgroep wol it Selskip it lêzen en it foarlêzen oan pjutten in stimulâns jaan. It soarget derfoar dat foarlêzers en boartersplakken mei-inoar yn kontakt brocht wurde. Alle jierren organisearret it Selskip de Fryske Foarlêswike. De foarlêswike is in gearwurkingsprojekt tusken it Selskip en it Tomke-projekt. It doel fan de Fryske Foarlêswike is om alle jierren yn dy wike foar te lêzen oan pjutten op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen, by gastâlders en yn biblioteken. De organisaasje fan it foarlêzen op de pjutte-opfang leit yn hannen fan it Selskip. De materialen (boekje, poster, pr-materiaal) wurde fersoarge troch it Tomke-projekt.

### ***De thússoarchorganisaasjes***

De thússoarchorganisaasjes binne behelle by de soarch foar konsultaasjeburo's, begelieding, kontakten en kursussen. Sy binne der foar âlders en bern. Binnen it Tomke-projekt spylje sy in rol yn it berikken fan jonge âlders troch de distribúsje fan it Tomke-boekje.